

Fryske Boekewike

4 — 12 NOV
2023

Fergees Kadoboek

Bestel de nijste Fryske boeken by jo boekhannel en krij it prachtige Kadoboek 'Hiltje yn Pella' fan Anita Terpstra der fergees by!



Hiltje yn Pella

in Friezinne (1805-1898) op syk nei in better libben yn Amearika

Hiltje Aukes Sipma út Boarnwert emigrearre yn 1847 mei har man en harren seis bern nei Amearika. De hoop op in better libben, yn ekonomysk en religieus opsicht, dreau it pear nei it lân fan de ûnbegrinze mooglikheden. Yn de steat lowa stichten se, mei achthûndert oare Nederlanners, it stedsje Pella.

Fryske Boekewike 2023

Lêzings Anita Terpstra!

Yn de Fryske Boekewike jout de skriuwer fan it Kadoboek op ferskate plakken yn de provinsje lêzings oer har boeken en yn it bysûnder it Kadoboek foar de Fryske Boekewike, 'Hiltje yn Pella'. Sjoch op FryskeBoekewike.frl wannear't sy by jo yn 'e buert is.



Anita Terpstra

Fergees troch Fryslân reizgje op fertoan fan it Kadoboek!

Op snein 12 novimber kinst op fertoan fan it Kadoboek - mei in koartingskoade fia de Boekewike webside fan Arriva - fergees reizgje yn de bussen en de treinen fan Arriva yn Fryslân. Mear ynformaasje oer de betingsten en de koartingskoade fynst fia: arriva.nl/boekewike



Spegel en sonde

Jetske Bilker
€22,90

Winner Gysbert Japicxpriis 2023!

Op meinimmende wize fertelt Jetske Bilker dit oangripende, en bytiden humoristyske, ferhaal oer geheugen, de eangst foar alzheimer en famyljebannen.



Hege loftten

Catharina Lautenbach
€17,90

NIJ

De beskreaune wrâld is betroud en eigen, mar de haadpersoanen bedarje yn ûnbekend gebiet. Oertsjûgingen ferlieze har macht, hâldfêst falt fuort en in nije werklikheid wurdt ûntdutsen. Ferhalen mei faasje, gefoel en ûnderkuolle humor.



Net fiksearre hûs

Elske Kampen
€17,50

NIJ

Elske Kampen ropt in wrâld op dy't leit tusken de werklikheid fan in ienfâldich Ru-skaaltsje yn Museum Princessehof en de ûnwerklike thúskomst fan ien dy't net bestie. 'In bondel mei in grut palet oan kleuren, sfearen en ferhalen'. (LC: 03/10/2023)



De albasten nimf

Ale S. van Zandbergen
€19,95

NIJ

It houlik fan Antonius Hendrikus van Wely hâldt net oer. Fangefolgen ûntflechtet er syn Antsje gauris, wat sei, hy ûntflechtet himsels, op syn deistige kuiers moarns ier as er passanten in rol jout yn syn imazjinêr belibjen fan de werklikheid...



Skearing en ynslach

Bouke van der Hem
€18,50

NIJ

Yn dit boek wurdt by biten en brokken benammen it opgroeien fan boeresoan Reinder Beetstra yn Fryslân beskreaun, syn wederwarichheden yn militêre tsjinst, it studintelibben yn Grins en de fersuterjende relaasje mei jeugdfreon Sipke.




De Jonge, de Mol, de Foks en it Hynder

Charlie Mackesy
€24,95

NIJ

De lêste oersetting fan Baukje Wytsma (1946-2022). In prachtich ferhaal foar jong en âld oer freonskip, leafde en dysels wêze. De 100 yllustraasjes en de poëtyske teksten fertelle it ferhaal fan in bysûndere freonskip tusken de jonge en de trije bisten.



Ien tel de ierde stil

Arjan Hut
€17,50

NIJ

As in knipperjende tried rint de tiid troch 'Ien tel de ierde stil'. Der is in wisk om de tiid te manipulearjen. "Wie it mar wer as froeger," bromt in man op it terras. Op de Feanhoop rint in klok fiif minuten foar, krekt genôch foar in suver einleaze kuiertocht nei de dunen. In tûnman rint troch de dreamen fan in doarp. Yn ferkiezingstiid litte we de ierde los. Noch in heale minút om wat te sizzen oer in nije oarloch. Mar stoppet de tiid dan echt.



Salang as it libben duorret

Sipke de Schiffart
€20,00

NIJ

De Schiffart is in skriuwer dy't wat oandoart. Hy toant him dêrby in ferteller *pur sang* mei in soepele styl. Syn ferhalen rinne as in trein. Sipke de Schiffart stiet foar lêswille.



De Onnie fariant

Hilda Talsma
€21,50

NIJ

It koroanafirus hat de wrâld al twa jier yn 'e greep. Lockdowns, faksinaasjes en oare maatregels hawwe in grutte wjerslach op 'e minsken. In feest yn Klup Panhuys bringt koarte tiid wer wat fleur yn it libben, mar kin net foarkomme dat de oars sa krigele Connie hieltyd mismoediger wurdt. De help komt út ûnferwachte hoeke.



FC Nostalgie

Romke Toering
€24,50

NIJ

It like as moast Romke Toering yn sân hasten in punt achter it libben sette. En wat dogge jo dan mei de tiid dy't der noch is? Romke pakte de pinne en begûn te skriuwen: ferhalen, gedichtsjes, in oade oan heit en mem, pakes en beppes, de bakker, de buorlju en al dy oaren dy't mei elkoar de mienskip foarmen yn syn bertedoarp Easterlittens.